



Nijkleaster

Stilte Besinning Ferbining

Gedrachskoade Nijkleaster

Nijkleaster is in plak fan stilte, besinning en ferbining en biedt romte foar leauwen en spiritualiteit. Wy achtsje it fan belang dat it gedrach fan de (frijwillige) meiwurkers past by dy missy. Wy wolle graach goed gedrach befoarderje. Gedrach dat net sa heart en oer de skreef giet, wolle wy tsjingean.

Dêrom ferplichtsje wy ús ta de neikommende gedrachsregels en wy freegje oan de (frijwillige) meiwurkers dizze gedrachskoade te ûnderskriuwen. Elkenien binnen en bûten Nijkleaster kin ús dêrop oansprekke.

1. Feilige omjouwing

Wy wurkje mei elkoar en mei oaren oan in omjouwing en in sfear dêr't elkenien har/him feilich en respektarre fielt. Sadwaande meitsje wy in plak dêr't men graach toevje mei. Ek yn gefallen dat dizze gedrachskoade gjin direkt en dúdlik antwurd biedt, bliuwe feilichheid en respekt de paadwizer foar ús dwaan en litten.

2. Respekt

Wy respektarje elkoar en oaren. Wy benaderje gjinien op in wize dy't ôfbrek docht oan syn of har geastlike en liiflike waardichheid en yntegriteit. Dat jildt yn it bysûnder foar minderjierrige en ekstra kwetsbere minsken. By yndividuele kontakten binne wy tige sekuer.

3. Privacy

Wy komme net fierder yn it priveelibben fan minsken as op grûn fan ús funksje needsaaklik is. Boppedat binne wy ôfhâldend mei it binnenstappen fan romtes dêr't minsken har om priveeredenen ophâlde. Dat jildt likegoed foar de eigen gebouwen as op oare plakken – bygelyks klaaiekeamers, sliepkeamers, sanitêre en soksoarte fan romtes.

Kleaster Westerhûs (postadres)

It Westerhûs 1

9027 BN HILAARD

Radboudkerk

Sluytermanwei 4

9023 AB, JORWERT

email: info@nijkleaster.frl

www.nijkleaster.frl

KvK: 01151683 Erkend ANBI

IBAN NL02 ABNA 0541 418 440



4. Geheimhâlding

Wy behannelje de gegevens dy't wy fan elkoar en fan oaren krije tige sekuer. Wy hâlde geheim wat ús yn betrouwen meidiel is en oerlizze dêr allinnich mar oer as de oanbelangjende persoan it dêr mei iens is. Dizze regel bliuwt ek fan krêft neidat wy ús (frijwillige) taak by Nijkleaster dellein hawwe. Yn it gefal dat geheimhâlding skealik of gefaarlik is foar de oanbelangjende persoan of foar oaren, of as de wet oare easken stelt, ferfalt dizze regel.

5. Lichaamlike yntegriteit

Wy reitsje elkoar en oaren net oan op in manier dy't as seksueel of eroatysk opfette wurde kin. Sok gedrach mijne wy ek yn it taalgebrûk. Wy prate ôf, dat alle seksuele hannelingen, – kontakten en – relaasjes tusken in folwoeksen meiwurker en minderjierrigen oant 18 jier ûnder gjin inkeld betingst tastien binne.

6. Persoanlike yntegriteit

Wy foarmje in mienskip fan ienheid-yn-ferskaat. Wy respektarje de oar, man of frou, 'swart' of 'wyt', homo of hetero, Fries of niet-Fries. Wy mijne elk gedrach (mei en sûnder wurden) dat de oar ûnderfynt as agressy, geweld, diskriminaasje, pesten of bûtensluting.

7. Guod en jild

Wy mijne elke foarm fan it ferfrisseljen fan belangen, yn it bysûnder as it giet om jild. Wy geane sekuer om mei jeften, likegoed by it oannimmen as by it trochjaan derfan. Jeften oan meiwurkers persoanlik binne net grutter as fyftich Euro. Grutte jeften oan Nijkleaster melde wy by de ponghâlder. Wy geane earlik en ynteger om mei it jild en it guod dat net fan ússels is, mar fan immen oars of fan Nijkleaster.

8. Soarch foar en mei elkoar

Wy sette ús derfoar yn om elkoar en oaren te beskermjen tsjin elke foarm fan net-winske gedrach. Wy sille elkoar dêr aktyf op oansprekke. Yn gefal fan net-



Nijkleaster

Stilte Besinning Ferbining

winske gedrach of as wy twifelje oer it eigen dwaan en litten of dat fan immen oars, sykje wy kontakt mei in betrouwenspersoan fan Nijkleaster foar fierder beried. Dat dogge wy teffens by gedrach dêr't wy mei wissichheid fan fêststelle, dat dat yn striid is mei dizze gedrachskoade.

Slotbepaling

Elk dy't behelle is by Nijkleaster, kin kontakt opnimme mei ien fan de twa ûnôfhinklike betrouwenspersoanen.

26 maaie 2020

Kleaster Westerhûs (postadres)

It Westerhûs 1
9027 BN HILAARD

Radboudkerk

Sluytermanwei 4
9023 AB, JORWERT

email: info@nijkleaster.frl
www.nijkleaster.frl

KvK: 01151683 Erkend ANBI

IBAN NL02 ABNA 0541 418 440